SULT op sjou mei twa ienakters

HIMMELUM - It ferskil kin amper grutter. Ferline jier hie SULT in grut spektakel op it Murnser klif mei hûndert meiwurkers en 4000 besikers, fan 't jier fiif spilers dy't mei in bus de doarpen bylâns reizgje. Mei in bus boppedat dy't per foarstelling mar fjirtich besikers bergje kin. It Súdwesthoeke Lokaasje Teater komt nei de minsken ta: 'SULT op sjou'.

Dat grutte spektakel wie 'Ajaks', ien fan de opmerklikste iepenloftspullen fan ferline jier. Fan te foaren wie al ôfpraat dat SULT it yn 1999 wat kalmer oan dwaan soe. Regisseur Piter Stellingwerf wie njonken SULT ek oare ferplichtingen oangien, mar wat noch wichtiger wie: se woene har net stjoere litte troch de ferwachtingen fan it publyk fan hieltyd djoerder en grutter.

'SULT op sjou' is in jûnfoljend program mei twa ienakters. 'De man yn 'e bus' fan Suzanne Loohuizen wurdt yn in âlde, mei tsjerkebanken ynrjochte bus spile troch Jan Eekma, Ytsje Kramer en Feikje Hovenga. Ytsje Hettinga en Pieter Stellingwerf spylje 'De stille besoarger' fan Harold Pinter yn it doarpshûs of kafee dêr't de bus by parkeard stiet. Nei it skoft wikselje de taskôgers yn 'e bus en it kafee fan plak en wurde beide ienakters nochris spile.

'De man yn 'e bus' giet oer in man dy't in ploechje minsken yn in bus en dêrmei yn syn wrâld binnenlit. Of binnenlit? Hy slút se der yn op. De man seit fan himsels dat er sljocht is, mar is dat wol sa? Is er net gefaarlik yn stee sljocht? Oan it lêst ta bliuwt ûndúdlik wat der krekt mei de man te rêden is.

Om't 'De man yn 'e bus' mei trije kertier te koart wie om in hiele jûn te foljen, hawwe Piter Stellingwerf en de oare meiwurkers fan SULT der in ienakter by socht mei in soartgelikens tema. Dat is 'The dumb waiter' fan Pinter wurden, yn it Nederlânsk bekend as 'De dienstlift'. It giet oer twa manlju - yn de Fryske ferzje in man en in frou - dy't foar in frachtlift op in tige spesjale opdracht sitte te wachtsjen.

Wat de stikken neffens Stellingwerf ferbynt is dat fan beide in driging útgiet dy't minsken twingt in stânpunt yn te nimmen. Yn 'De man yn 'e bus' komt dy driging út immens binnenwrâld, út syn frustraasjes, út hoe't it libben him skansearre hat. Yn 'De stille besoarger' komt dy driging fan bûten, giet it om liiflik geweld. Stellingwerf: „It is it Meindert Tjoelker-dilemma: hoe reageare ik, yngripe of trochrinne?"

Tongersdei is by kafé De Driesprong yn Himmelum de première fan 'SULT op sjou'. Oant healwei oktober wurdt it program mei de beide ienakters tritich kear spile op fjirtjin plakken yn 'e Súd-Westhoeke. Fan de 2400 kaarten binne der al hast 2000 ferkocht. Piter Stellingwerf slút net út, dat 'SULT op sjou' en ek nei de kommende winter noch in oantal kearen spile wurdt.



Rippetysje fan SULT yn'e bus: hingjend Jan Eekma, sittend Ytsje Kramer.

Foto LC/Paul Janssen